

# De Tsiën

Nynke fan Hichtum – tekst | Dick Matena – yllustraasjes | Uitgeverij Personalia, 2014 | ISBN 9789079287529 | hurd kaft, 63 siden | Leeftiid: 10+

## YNHÂLD

<b>Gearfetting</b>	<b>1</b>
<b>Oer it boek</b>	<b>1</b>
<b>Oer de skriuwer</b>	<b>2</b>
<b>Oer de oersetter</b>	<b>2</b>
<b>Oer de yllustrator</b>	<b>2</b>
<b>Oan de slach</b>	<b>2</b>
<b>PRATE</b>	<i>rûntepetear</i>
<b>SKRIUWE</b>	<i>in brief oan de boargemaster</i>
<b>KWIS</b>	<i>ôffalrace</i>
<b>TEKENJE</b>	<i>stripferhaal</i>
<b>SKRIUWE</b>	<i>tekstballonnen</i>
<b>Wurkblêden</b>	<b>8</b>

## GEARFETTING

De tsiën fan Martens Afke is in berneboek oer it drege bestean fan in earm arbeidersgesin út Wergea. Afke, de mem fan in earne, grutte húshâlding, is krekt befallen fan har tsiende bern. Omdat heit Marten en mem Afke grutte muoite hawwe om it hiele gesin te ûnderhâlden, moatte de bern al jong byspringe. It is midden yn de winter, it hûs hat gjin ferwarming en is dêrtroch kâld. Afkes âldste dochter Wypkje wurket as tsjinstfaam yn Ljouwert. Sy beslút har mem wat te helpen troch har suskes Boukje en Sytske in pear wike mei útfanhûs te nimmen by har wurkjouwer. Mar de bern ferdwale al gau yn de stêd. Yntusken meitsje de oare bern ek fan alles mei, ûnder mear mei de fjildwachter. Yn it foarjier krijt Watse, de âldste soan dy't yn it leger sit, tsjinstferlof en keart efkes werom nei syn famylje.

## OER IT BOEK

De famylje mei de tsiën bern bestie echt, al hiene hja yn werklikheid oare nammen. Uteinlik hie de mem 'Afke' sels tolve bern! Dit ferhaal is basearre op it libben fan Harmke Feenstra-Tuinstra út it doarp Wergea. Har dochter wie tsjinstfaam by Nynke fan Hichtum. De skriuwster hie in soad bewûndering foar Harmke. Yn de eagen fan Nynke, dy't sels sûnt se mem wie wraksele mei har mentale en lichaamlike sûnens, wie Afke de ideale mem, dy't foar elkenien klearstie, leaf wie en mei it bytsje jild dêr't it gesin fan rûnkomme moast in bulte foarinoar krige. Yn Wergea is in stânbyld pleatst fan Afke en har tsiental.

De earste útjefte wie yn 1903, yn it Nederlânsk, mei as titel Afke's tiental. Yn 1906 kaam der in werprintinge en waard it boek populêr by it publyk. Op dy manier fernamen ek in soad minsken yn de rest fan it lân hoe't it libben yn Fryslân wie. Dat hat der mei foar soarge dat by de rikere befolking yn de stêden mear begryp ûntstie foar it libben yn earne arbeidersgesinnen op it plattelân. Tanksij dit boek witte wy ek no hoe't it libben der goed hûndert jier lyn yn Fryslân útseach.

Hoewol't it ferhaal him yn Fryslân ôfspilet, waard it boek pas yn 1957 oerset yn it Frysk, fier nei de dea fan de skriuwster. Dick Matena hat dy klassiker yn 2014 prachtich ferbylde mei syn fraaie tekenwurk en sa tagonklik makke foar in nije generaasje lêzers.

It ferhaal is histoarysk en aktueel tagelyk. It giet oer earmoed en jout in stim oan de ûnsichtbere klasse yn de maatskippij. It lit sjen dat guon situaasjes fan alle tiden binne.

## OER DE SKRIUWER





Nynke fan Hichtum (1860–1939) skreau har boeken nei eigen sizzen foar bern fan 8 oant en mei 88 jier âld. Eins hjitte sy fan Sjoukje Maria Diderika Bokma de Boer, sy skreau dus ûnder in pseudonym. Sy wie oersetter en berneboekeskriuwer. *Afke's tiental*, dat ek oerset is nei it Ingelsk en Amerikaansk, is har ferneamdste boek.

Fan Hichtum troude yn 1888 mei de advokaat Pieter Jelles Troelstra, mei wa't sy twa bern krige, Dieuwke en Jelle. Troelstra wie as sosjalist belutsen by de arbeidersstriid, hy wie aktyf lid fan de SDAP (foarrinner fan de PvdA) en kaam yn 1897 yn de Twadde Keamer foar dy partij.

Foar it Frysk literêr tydskrift *For hûs en hiem* fersoarge Bokma de Boer ûnder oaren de berneubryk.

Yn 1907 skieden Troelstra en Bokma. It skriuwen wie fan dat momint ôf har boarne fan ynkommen. It grutste part fan har wurk is yn it Nederlânsk skreaun, omdat dêr mear jild mei te fertsjinjen foel. Se begûn mearkes en folksferhalen fan oer de hiele wrâld te sammeljen en nei te fertellen yn boeken. Ek sette sy Ingelske berneboeken oer nei it Nederlânsk, lykas de klassikers *Winnie de Poeh* en *Robinson Crusoe*. Pas ein jierren '30 begûn sy wer har eigen ferhalen te skriuwen. Sy wenne doe yn Hilversum, mar de ferhalen spilen har altyd ôf yn Fryslân, it boek *De jonge priiskeatser* bygelyks.

## OAN DE SLACH MEI IT BOEK

It boek kin ekstra ta libben komme troch allerhande ferskillende ynfalshoeken en ferwurkingsopdrachten. De piktogrammen betsjutte:  = groep,  = twatallen,  = yndividueel,  = tiid dy't noadich is foar de opdracht.

### PRATE – rûntepetear



NB Dizze opdracht kin keppele wurde oan de skriuwopdracht, wêrby't learlingen in brief skriuwe oan de boargemaster.

Prate oer earmoed doe en no. Dat is watst dwaan silst by dizze opdracht.

## OER DE OERSETTER

Jant van der Weg-Laverman (1939) hat it stripboek *Afke's tiental* oerset nei it Frysk. In logyske kar, want earder – yn 1989 – hie se it oarspronklike boek ek al oerset nei it Frysk. Van der Weg hat tige wichtich west foar de Fryske berneliteratuer, en is dat noch altyd. Sa hat se in hiele protte oersettingen makke nei it Frysk, fan berneboeken lykas *Ronja de Roversdochter* fan Astrid Lindgren, *Jonas en de visjes van Kees Poon* fan Harm de Jonge en *Hoor eens even* fan Karel Eykman. Yn 2000 is sy promovearre oan de Katholieke Universiteit Brabant mei har ûndersyk *Feroaring yn byld en bân: Fryske bernepoëzij yn de tweintichste ieu*. En tusken 1985 en 2012 hie se in rubryk oer berneliteratuer yn it Friesch Dagblad.

## OER DE YLLUSTRATOR

De yllustrator fan dit boek, Dick Matena (1943), is in Nederlânske striptekener en senarist fan stripferhalen. Hy hat ek fan de ferneamde berneboeken oer *Pietje Bell*, *Dik Trom* en *Kruimeltje* in strip makke. Foar folwoeksenen makket er strips en graphic novels, bygelyks fan ferneamde ferhalen út de Nederlânske literatuer, lykas *Kaas* fan Willem Elsschot en *De avonden* fan Gerard Reve, in skriuwer dy't noch in skoft yn Greonterp wenne hat.

1. Lês klassikaal de ynlieding.
2. Lit de fiif feiten sjen op it digiboerd. Of printsje se út en diel se út ûnder de learlingen.
3. Lês de fiif feiten ien foar ien foar.
4. Lês se nochris foar. Freegje dan de klasse om in reaksje per stelling, mei in hiel iepen fraach: hoe fine jimme dit? En wêrom?
5. Freegje dan oan de learlingen:
  - a. Is it jild yn Nederlân earlik ferdielt? Wêrom wol, wêrom net?
  - b. Is de earmoed op de wrâld oplost? Lis út wêrom wol of wêrom net?

### Ynlieding

*De tsien fan Martens Afke* giet oer in earme húshâlding dy't begjin 1900 libbe yn Wergea. Der wenje tsien bern en twa folwoeksenen yn in lyts, kâld en fochtich húske. Mem is drok mei de bern. Heit wurket dan wer hjir, dan wer dêr om jild te fertsjinjen foar iten en klean. Der is nooit genôch jild.

Ek de bern wurkje hurd mei yn en om 'e hûs. As se tolve jier âld wiene, fertsjinnen se jild mei wurk bûten de doar. Dat is fansels hiel jong om te wurkjen, mar it wie al in ferbettering neffens hoe't it earder wie, want foar 1900 wurken ek hiel jonge bern al. Mar mei de Kinderwetten kaam dêr yn 1901 in ein oan. De learplicht waard doe ynfierd: bern moasten ferplicht nei skoalle fan 6 oant en mei 12 jier. Dêrnei pas mochten se wurkje om sa jild by te dragen oan de húshâlding. Yn 1874 al wie fabryksarbeid troch bern ûnder de tsien jier ferbean.

Yn de tiid fan *De tsien fan Martens Afke* wurken earme jonges op it lân, earme famkes as tsjinstfaam by in rikere famylje en sawol jonges as famkes wurken wol yn de fabryk as dy der wie. Allinnich in pear rike bern mochten trochleare, bygelyks om skoalmaster, dûmny of dokter te wurden.

De arbeiders hiene gjin stim. Krekt as froulju yn dy tiid. Pas fan 1917 ôf mochten alle manlju stimme. Yn 1919 krigen ek froulju algemien stimrjocht. Foar dy tiid wiene it allinnich mar mannen mei in goed ynkommen dy't stimme mochten by ferkiezingsen.

## SKRIUWE – in brief oan de boargemaster



Yn dizze opdracht skriuwe learlingen in brief oan de boargemaster om him of har om stipe te freegjen foar earme minsken yn de gemeente. Dat kin as sabeare oefening yn de klasse, mar fansels kinne de brieven ek echt nei de boargemaster stjoerd wurde.

Stap 1 - Besprek as tarieding op dizze opdracht earst de ynlieding by de opdracht Rûntepetear - earmoed.

Stap 2 - Der is in protte feroare no, soest sizze. Of net? Lês de fiif feiten op **Wurkblêd 1**.

Stap 3 - Skriuw dan in brief oan de boargemaster. Mar wat skriuwst oan ien dy'tst hielendal net kenst? Ien dy't dy ek net ken? In pear tips.

1. Sammelje wurden. Dat dochst sa. Skriuw op in leech blêd yn 'e midden 'earmoed yn Nederlân'. Skriuw dan sûnder nei te tinken alle wurden op wêrfan'tsto fynst dat dy mei earmoed yn Nederlân te krijen ha.

2. Sjoch nochris nei de wurden. Omsirkelje de fiif wurden dy't foar dy it wichtichste binne. Dy brûksto yn de brief oan de boargemaster.

3. In brief begjint altyd sa:

Plaknamme, datum

Bêste boargemaster,

Myn namme is... en ik bin learling op ... yn klasse.... Ik skriuw jo dizze brief, omdat der earne minsken wenje yn ús gemeente. Ik wol dêrom graach....

En dan leist sa dúdlik mooglik út watsto graach wolst.

In brief slútst sa ôf:

Mei freonlike groetnis fan,

(En dan skriuwst hjir dyn namme)

-----

Tip 1

Om te sjen hoe't earne minsken eartiids libben, kinst nei museum It Damshûs yn Nij Beets ta.

Tip 2

Net allinnich Piter Jelles Troelstra, ek Ferdinand Domela Nieuwenhuis wie strider foar de arbeidersbeweging. Mear oer dy wichtige mannen en de arbeidersstriid kinst lêze yn it boek *Gewoan gek op skiednis - geweldige, spannende en bysûndere ferhalen oer Fryslân*.

Tip 3

Museum Heerenveen hat in permaninte eksposysje oer Domela Nieuwenhuis. Hy hat hiel wichtich west foar de arbeiders yn Nederlân.

## KWIS – ôffalrace



Foar dizze opdracht moat elkenien it stripboek *De tsien fan Martens Afke* lêzen ha.

Kompetysje wurket goed yn 'e klasse. In kwis is ek nochris in aardige fariant op it boekferslach, want dêrmei soargest derfoar dat de learlingen it ferhaal paraat ha moatte en kennis oer it boek ha moatte. Dizze kwis is in ôffalrace. De winner kin in lyts pryske krije, of ivige rom.

De hiele klasse moat stean. Elkenien dy't it goede antwurd jout, bliuwt stean. Elkenien mei in fout antwurd moat sitten gean. Sa bliuwt der fansels in winner oer.

### **Fraach 1**

Hast it hiele gesin giet in dei fuort mei heit, want heit mei in dei lang wat liene fan de boer.

Wat mei er liene?

- Linkerhân omheech foar in auto
- Rjochterhân omheech foar in boat

### **Fraach 2**

Yn watfoar stêd wurket Wypkje?

- Linkerhân omheech foar Snits
- Rjochterhân omheech foar Ljouwert

### **Fraach 3**

Wannear is it oarspronklike Nederlânske boek 'Afke's tiental' skreaun?

- Linkerhân omheech foar 1903
- Rjochterhân omheech foar 1957

### **Fraach 4**

Nynke fan Hichtum wie in pseudonym. Wat wie har echte namme?

- Linkerhân omheech foar Sjoukje Bokma de Boer
- Rjochterhân omheech foar Froukje Bokma de Boer

### **Fraach 5**

Mei wa wie Nynke fan Hichtum troud?

- Linkerhân omheech foar Piter Jelles Troelstra
- Rjochterhân omheech foar Jelle Pipers Troelstra

### **Fraach 6**

Hoe hjitte de famkes dy't by Wypkje útfanhûs gear?

- Linkerhân omheech foar Boukje en Sytske
- Rjochterhân omheech foar Froukje en Wytske

### **Fraach 7**

Wat keapet Klaas foar syn mem?

- Linkerhân omheech foar in skelk
- Rjochterhân omheech foar in sjaal

### **Fraach 8**

De baker hjit Saapke. Mar wat is eins in baker?

- Linkerhân omheech foar kremhelp
- Rjochterhân omheech foar de frou fan de bakker

### **Antwurden:**

1. In boat
2. Ljouwert
3. 1903
4. Linkerhân omheech foar Sjoukje Bokma de Boer
5. Piter Jelles Troelstra
6. Boukje en Sytske
7. Skelk
8. Kremhelp

## TEKENJE – stripferhaal



Meitsje sels in strip

### Nedich

- Skriuwpapier
- In wyt fel papier
- Pinne
- Potleaden
- Stiften
- Gom

### Dwaan

#### Stap 1 – Gearfetting

Foar dizze strip skriuwsto in koart ferhaaltsje oer dyn ultime smoes. Do hast dyn húswurk net makke, do bist te let op skoalle of komst te let thús nei in feest. Of... Mar dêr koesto neat oan dwaan, omdat der in draak op 'e dyk siet, of in komeet kaam op 'e ierde ôf en do moast 'm tsjinhâlde, of de hûn krige 100 puppys en do moast him dêrby helpe, of... betink it sels! Oerdriuwe mei, oerdriuwe moat.

Beskriuw koart yn 5 à 10 rigels wêr't dyn ferhaal oer giet.

#### Stap 2 – Senario skriuwe

Do hast no in koarte gearfetting skreaun fan dyn ferhaal. In stripmakker makket altyd earst in senario. Fertel in ferhaal yn 8 plaatsjes. Skriuw op watfoar tekst en watfoar ôfbylding der op 1 plaatsje komt. Folje dêrfoar **Wurkblêd 2** yn.

#### Stap 3 – Meitsje dyn strip

Tear it wite A4-papier dûbel, en nochris, en nochris. Ast it no wer iepenest, hast 8 fakjes.

Oan de slach, tekenje en skriuw no dyn eigen strip yn dy 8 fakjes.

In soad plezier!

## SKRIUWE – tekstballonnen



### Nedich

- Lijntsjespapier
- Pinne
- Kleurpotleaden of oar materiaal om de plaatsjes yn de kleurjen

### Dwaan

- Printsje de wurkblêden 3a, 3b en 3c út foar de learlingen.
- Diel de wurkblêden út.
- Lit de learlingen goed sjen nei de plaatsjes. Wat soe dêr barre? Skriuw op in fel mei lijntsjes papier de teksten út foar it ferhaaltsje. Net te lang, it moat anst wol passe yn it tekstwolkje!
- Tip. Yn strips wurdt altyd in protte gebrûk makke fan de onomatopee. Dat is in moai Gryks wurd foar neat oars as 'klanknabootsing'. Tink oan bygelyks wurden as KRAK!, BAM!, SMASH! BANG!, WOW!, OH!, BLA BLA BLA of OEPS! Meitsje ek gebrûk fan sokke wurden yn ien of mear tekst wolkjes.
- Strips binne hast altyd skreaun yn haadletters, dus: blokletters. Skriuw de teksten yn blokletters yn de tekstwolkjes.
- Tiid oer? Learlingen dy't klear binne mei de tekst, meie de tekeningen moai ynkleurje.

# WURKBLÊD 1 – DE TSIEN

## SKRIUWE

### Feiten oer earmoed yn Nederlân

---

#### Feit 1

Yn Nederlân besit de rykste 1 persint in tredde fan al it private fermogen. Dat betsjut dat sy oer goed 500 miljard euro beskikke. De 99 persint oare Nederlanners moatte it dwaan mei in bedrach fan noch gjin 1100 miljard euro.

---

#### Feit 2

Neffens ILO en UNICEF wiene der yn 2020 op de wrâld 160 miljoen bern dy't wurkje moasten.

---

#### Feit 3

Yn Nederlân binne 177 Voedselbanken om minsken fergees iten te jaan as se sels te min jild ha om genôch boadskippen te dwaan. Yn 2023 hellen alle wiken 120.000 minsken iten by de Voedselbank. Nederlân heart ta de top 15 rykste lannen fan 'e wrâld. Der binne hast 200 lannen op 'e wrâld.

---

#### Feit 4

Yn 2023 hawwe neffens Het Rode Kruis 1302 skoallen harren oanmeld foar in programma dat fergees iten op skoalle oanbiedt foar bern út gesinnen dêr't soms gjin jild is foar in goed moarnsbrochje. Dat komt del op ûngefear 1 op de 6 skoallen yn Nederlân.

---

#### Feit 5

Yn 2024 libje in miljoen Nederlanners, wêrûnder 230.000 bern, ûnder de earmoedgrins.

---





# WURKBLÊD 2 - DE TSIEN

SKRIUWE EN TEKENJE



## Stripferhaal

	Wat gebeurt der op dit plaatsje?	Beskriuw watst tekenje silst	Wat gebeurt der op dit plaatsje?
1			
2			
3			
4			
5			
6			
7			
8			

# WURKBLÊD 3A - DE TSIEN



# WURKBLÊD 3B - DE TSIEN



# WURKBLÊD 3C - DE TSIEN

